



Wannear mei ik it Frysk brûke?

It Frysk is neist it Nederlânsk in offisjele taal yn de provinsje Fryslân. Jo kinne de taal yn de provinsje brûke yn bygelyks in berne-opfang, gastâlderopfang of skoalle. Ek meie jo yn de rjochtbank de Fryske taal brûke. Of by it kontakt mei de gemeente of plysje yn de provinsje Fryslân.

De Fryske taal yn it ûnderwiis

Basisskoallen en middelbere skoallen yn de provinsje Fryslân jouwe it fak Frysk. Utsein as de provinsje Fryslân in skoalle tastimming jûn hat om gjin Frysk te jaan.

Kontakt mei meiwurkers fan de oerheid

As jo kontakt hawwe mei meiwurkers fan de oerheid yn de provinsje Fryslân dan hawwe jo it rjocht om de Fryske taal te brûken. Dat binne meiwurkers fan:

- de provinsje;
- de gemeente;
- het wetterskip;
- de plysje.

De Fryske taal yn media

Jo meie de Fryske taal nêst de Nederlânske taal brûke:

- op de telefyzje;
- op de radio;
- yn de media, lykas in krante.

Frysk yn de rjochtbank en it gerjochtshôf

Jo hawwe it rjocht om de Fryske taal by sittings yn de rjochtbank en it gerjochtshôf te brûken as:

- fertochte;
- partij;
- tsjûge;
- belanghawwende, bygelyks as slachtoffer.

Jo moatte dan yn de provinsje Fryslân wenje of tahâlde. As jo Frysk prate wolle by in sitting dan moatte jo dat yn 't foar by de rjochtbank of it gerjochtshôf melde. De rjochter beslút oft der in tolk of oersetter oanwêzich wêze moat.

Mûnlinge eed of belofte

Jo meie in mûnlinge eed, belofte of befêstiging yn it Frysk ôflizze. Bygelyks yn de rjochtbank. Ek meie leden fan de Earste of Twadde Keamer en Provinsjale Steaten en gemeenterieden de eed yn it Frysk ôflizze.

Fryske efternamme wizigje

Stiet jo oarspronklik Fryske efternamme yn de Nederlânske stavering registrearre? Jo kinne dan in fersyk dwaan om de namme nei de Fryske stavering wizigje te litten. Yn de Brochure naamswijziging stiet oft jo foar wiziging fan jo efternamme yn oanmerking komme. Op de side Aanvraagprocedure naamswijziging op Justis.nl lêze jo hokker stappen jo foar nammewiziging trochrinne moatte.

As jo efternamme offisjeel wizige is, moat dat op jo paspoart, identiteitskaart en/of rydbewiis stean. Dat regelje jo by de gemeente.